



DAT HA JO GOED SKETTEN....

(Wild goose chase)

Klucht yn trije bedriuwen

door

DEREK BENFIELD

Yn it Frysk oerset troch

Siep Jorna

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DAT HA JO GOED SKETTEN.... - WILD GOOSE CHASE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **DEREK BENFIELD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

ROLFERDIELING

Lord ELROOD - bewenner Kastiel Elrood

Lady ELROOD - syn frou

PATRICIA - syn dochter

JENNY - útfanhûzer

ADA - tsjinstfaam

CHESTER - fotograaf

Juffer PATRIDGE - argeolooch

CAPONE

WEDGWOOD - (hat gjin tekst)

HILARY - plysje

TOANIEL

It stik spilet him ôf yn 'e hal fan kastiel Elrood, ien fan de lêst bewenne kastielen fan Ingelân. It is simmer.

Mids efter gean twa treden nei in ferheging mei in balustrade, dy hielendal fan lofts nei rjochts rint. Rjochts op 'e ferheging, twa grutte besleine dûbele doarren nei in romte efter it toaniel. Lofts fan it midden giet in trep nei lofts.

Rjochtsefter is in finster mei fertikale stilen.

Dêr ûnder stiet in grutte tekkenkiste, in eintsje fan 'e muorre.

Rjochtsfoar is in doar nei de kelder en lofts efter in doar nei de ytkeamer.

Mear nei foaren, lofts, stiet in tafel tsjin 'e muorre. Hielendal lofts foar is in grutte skou. Op 'e ferheging, rjochts fan 'e dûbele doarren, stiet in harnas. Midden op it toaniel, wat nei lofts, stiet in maklike moderne bank.

Mear nei rjochts stiet in stoel. (fauteuil)

Lofts dêrfan in taffeltsje mei in skimerlampe en in telefoan.

In steande skimerlampe stiet yn 'e hoeke by de doar nei de ytkeamer.

Efteryn, ûnder it harnas, stiet in grutte houten stoel en sa'n selde tusken de keldersdoar en de kast. By de skou hinget in skillekoard. It moderne húsrje en de bûnte kessens en lampekappen stekke nochal ôf by de tryste muorren en de midsieuske arsjitektuer fan it kastiel.

Earste bedriuw: In simmermoarn.

Twadde bedriuw: Selde dei, middeis.

Tredde bedriuw: Selde dei, jûns.

EARSTE BEDRIUW

(As it doek iepengiet is it toaniel leech. Troch it rût skynt de sinne nei binnen. Dan giet stadich ien fan de grutte dûbele doarren iepen en in wat tryst figuerke komt skoarjend yn. It is Ada. Se hat in reinjas oan en in hoed op en in lytskofferke yn 'e hân. Se knippert steksjoggerich mei de eagen en komt, tige ûnder de yndruk, nei foaren. Se bliuwt stean en wachtet oft der ek immen komt, rint dan nei it skillekoard. Se stekt har hân der nei út, betinkt har en joutder dan in lûk oan. Mei-iens falt der in skot efter it toaniel, rjochtsfoar, as kaamit troch de lûk oan it skillekoard. Ada makket in spronkje nei lofts. Lord Elrood komt hastich op fan rjochtsfoar, mei in antyk gewear. Hy is in opsternaat persoan mei in grutte snor en fonkeljende eagen. Hy rint har swier hymjend foarby, de trep op. Ada stiet der in eagenblik ferlern by en set dan har bril op. Boppe falt in twadde skot. Se springt wer fansiden. Lord Elrood komt mei it gewear de trep wer ôf. Hy rint har foarby en draait him dan nei har ta.

ELROOD: Dat wie dat. *(Nei it midden)* Haw ik jo al net ris earder sjoen?

ADA: *(Nei him ta)* Ik stie hjir al doe jo hjir krekt lâns kamen.

ELROOD: Oh, fandér. Ja, sjoch, ik ferjit nea in gesicht. Mar wa binne jo?

ADA: Ik bin de nije tsjinstfaam.

ELROOD: De nije tsjinstfaam?

ADA: Ja, mynhear.

ELROOD: Nou, asto dy hoed dragen bliuwst, dan wurdst ek noch ris in âld frijster. *(Laket lûd)*

ADA: Ja, mynhear. *(Lyts glimpke)*

ELROOD: *(Ynienen wer opsternaat)* Wat bedoele jo mei "ja mynhear"?

ADA: Nou, ik eh...

ELROOD: Bedoelsto ja, dat wurd ik, of ja, dat wurd ik net?

ADA: Ja, dat wurd ik, mynhear.

ELROOD: Set him dan ôf. *(Dat docht se)* Hm, kinst him better mar wer opsette. *(Dat docht se)*

ADA: Binne jo Lord Elrood, mynhear?

ELROOD: Ja. *(Ada sjocht ynienen dat syn gewear op har rjochte is)*
Wat is der te rêden?

ADA: Te rêden?

ELROOD: Do trillest hielendal...

ADA: Eh, ik bin in bytsje bang...

ELROOD: Bang?

ADA: Ja.

ELROOD: Foar my?

ADA: Ja.

ELROOD: Wêrom?

ADA: Nou... eh... *(Se hâldt har hântas tusken it gewear en har yn)*

ELROOD: Dat is hielendal net nedich.

ADA: Mar jo wiene oan it sjitten...

ELROOD: Oh, dat! *(Komt no ticht by har stean en sjocht wat erchtinkend om him hinne)* Ik wol dy al efkes warskôgje.

ADA: Warskôgje?

ELROOD: Hast ek immen rûnslûpen sjoen doest er yn kaamst?

ADA: Nee, mynhear!

ELROOD: Nou, hy wie der wol, dat mist net.

ADA: Earlik?

ELROOD: Oh, ja! Hy komt eltse dei.

ADA: Is 't wier?

ELROOD: Oh, ja! Hy tinkt dat er my besoademiterje kin, troch in unifoarm oan te lûken. Mar ik wit wannear ik mei in fijannige spion te dwaan ha.

ADA: In spion, mynhear?

ELROOD: Jawis, jawis! Mar meitsje dy mar gjin soargen, ik kin him wol oan. *(Kloppet op syn gewear en rint nei rjochts, bliuwt stean, draait him om en komt werom)* Hoe bist der eins yn kaam?

ADA: Oh, de doar wie iepen, mynhear.

ELROOD: En hoe bist eins oer de grêft kommen?

ADA: De grêft ?

ELROOD: Ja. Do kinst net oer de falbrêge kommen wêze, want dy wurdt nea sûnder myn befel del litten.

ADA: Oh, ik eh... Ik ha my wol rêden.

ELROOD: Goed dien, fanke *(Skoddet har krêftich de hân)* Moatst dy no mar gau efkes ferstrûpe. Do silst wol dweil trochwiet wêze.

ADA: Huh?

ELROOD: En mar net wer dwaan, hin.

ADA: Wat net, mynhear?

ELROOD: Oer de grêft swimme!

ADA: Mar ik...

ELROOD: Do hiest wol kjeld skypje kinnen. In oare kear moast mar efkes it sinjaal hearre litte, sa... Ooo-oh! Ooo-oh! Dan soargje ik wol dat Marcellus de brêge foar dy sakje lit.

ADA: Tankje wol, mynhear. Ik sil der om tinke.

ELROOD: Moai.

ADA: Wa is... Marcellus?

ELROOD: Dy learst noch wol kinnen. Marcellus is de kommandant fan 'e wacht.

ADA: De wacht?

ELROOD: Do tinkst dochs seker net, dat ik sûnder in goede beweitsing yn dit kastiel wenje? *(Patricia komt lofts efter op mei wat blommen. Se is in kreas famke fan begjin tweintich)*

PATRICIA: Oh, heity, binne jo hjirre, ik socht jo al. Ik moast fan de post sizze, dat jo tenei sels jo brieven ophelje moatte, as jo noch ien kear op him sjitte. *(Tsjin Ada)* Hoi, wa bist do? *(Se set de blommen yn in faas op 'e tafel, lofts)*

ADA: Ik bin de nije tsjinstfaam.

PATRICIA: Moai. We fregen ús al ôf wannear ast komme soest. *(Elrood sil de trep op gean)* Wêr geane jo hinne, heit?

ELROOD: *(Giet no de trep op)* Marcellus sykje. Ik wol him ynlijochtsje oer dit famke. *(Tsjin Ada)* Tink oan it sinjaal, hé!

ADA: Dat sil ik dwaan, mynhear.

ELROOD: Ooo-oh! Ooo-oh! *(Patricia jout oan om him mar syn sin te dwaan)*

ADA: *(Net hielendal fan herte)* Ooo-oh... Ooo-oh...

ELROOD: Ofpraat. *(Hy giet ôf nei boppen)*

PATRICIA: *(Skikt de blommen yn 'e faas)* Lit dy net ôfskrikke troch myn heit. Hy is wier hiel aardich. Hy hat it allinne wat te faak by it ferkearde ein fan 'e trie dy't der kwyt is. Ast begrypst wat ik bedoel.

ADA: Nou, ik...

PATRICIA: Hat er it ek oer de falbrêge hân?

ADA: Ja.

PATRICIA: En oer de grêft?

ADA: Ja.

PATRICIA: Nou, doch mar in bytsje mei him mei. Hy kin de gedachte net ferdrage, dat hy yn in kastiel wennet sûnder in falbrêge en in grêft. It makket him lokkich as hy se der by fantasearret en hy docht der nimmen kwea mei.

ADA: En der is ek gjin Marcellus?

PATRICIA: Ek net.

ADA: Oh.

PATRICIA: *(Giet op 'e bank sitten)* Nou, ik hoopje wier, datsto it hjir in bytsje nei 't sin ha silst.

ADA: Dat sil wol slagje, juffer...

ELROOD: *(Efter)* Marcellus!

ADA: ...As ik hjir oan wend bin.

PATRICIA: It giet hjir net altyd sa, hear.

ADA: Oh, nee?

PATRICIA: Ik ferwachtsje eins net, datsto ús in soad te sjen krijst. Mem komt troch 'en dei net foar it middeisiten fan bêd en heit is meastentiids op de kantelen fan it kastiel, om de post op te wachtsjen.

ADA: Oh, Just, krekt.

PATRICIA: Dan is der fierder allinne noch myn nichtsje Jenny. Se is út Glasgow kaam, om by ús de krystdagen troch te bringen.

ADA: De krystdagen?

PATRICIA: Ja. Sa lang is se hjir al.

ADA: Oh. *(Se pakt har kofferke. Lady Elrood komt fan 'e trep, yn in moarnsjas)*

LADY ELROOD: Wat is dat hjir dochs foar in leven, sa midden yn 'e nacht?

PATRICIA: *(Nei skou foar sigaret)* Mar mem, it is al hast healwei ienen!

LADY ELROOD: Is 't wier? Oh, nou ja, it liket noch midden yn 'e nacht. Dyn heit draaft de hiele tiid mar as in wyldeman hinne en wer. *(Rint nei tafel lofts, lâns Ada)* Pardon. *(Tsjin Patricia)* Wat is der dochs mei him oan 'e hân? *(Pakt faas op)*

PATRICIA: Ik tink, dat er him ferfeeld.

LADY ELROOD: Kin er dan de auto net waskjen gean of sokssawat?

PATRICIA: Wy hawwe gjin auto.

LADY ELROOD: Oh, nee? Nou, wy hawwe ek gjin grêft, mar dat wjerhâld him der ek net fan om oer falbrêgen en soks te eameljen, is 't net sa? *(Giet mei faas nei tafel rjochts, lâns Ada)* Pardon. *(Tsjin Patricia)* Spitich, dat hy net muzikaal is, oars soe hy de piano stimme kinne. Dat is heechnedich. No moat ik mar immen komme litte, dy it dwaan kin.

PATRICIA: Ik begryp net wêr dat goed foar is.

LADY ELROOD: Oh nee Pat?

PATRICIA: Nee, nimmen fan ús kin piano spylje!

LADY ELROOD: Dan wurdt dat heech tiid dat wy dat leare. Sa dreech sil dat wol net wêze. Ik bedoel, jo hoege dochs net iens te blazen of sokssawat, wol? It is fêst hiel ûntspannend. *(Giet mei faas nei tafel lofts, lâns Ada)* Pardon. *(Tsjin Patricia)* Wa is dat minske?

PATRICIA: Dat is de nije tsjinstfaam.

LADY ELROOD: Nou, wêrom seist dat no net earder?

PATRICIA: Dêr krij ik de kâns net iens ta.

LADY ELROOD: *(Tsjin Ada)* Dus, do bist de nije tsjinstfaam?

ADA: Ja, mefrou.

LADY ELROOD: (*Tsjin Patricia*) Is 't net moai? (*Tsjin Ada*) Ik bin bliid datsto komme koest. Ik hoopje wier, dat it dy hjir foldwaan sil.

ADA: Dat sil wol gean, mefrou.

LADY ELROOD: (*Twifeljend*) Ja... nou, besykje yn elts gefal sa lang te bliuwen ast kinst, hé?

PATRICIA: Mem! (*Tsjin Ada*) Gean mar nei ûnderen en sykje de kok mar op. Dy sil dy wol fertelle watsto allegearre dwaan moast.

ADA: Ja, juffer. (*Giet nei doar yn 'e midden, de trepkes op*)

LADY ELROOD: Noch efkes wat oars, hoe hjitst eins?

ADA: Ada, mefrou.

LADY ELROOD: Oh... Nou... eh..., wy sille dy mar Millicent neame.

ADA: (*Tankber*) Oh, tankje wol mefrou. (*Docht doar iepen*)

LADY ELROOD: Do hast dat dochs seker net altyd oan, wol?

ADA: Oh, nee, mefrou. Allinne simmers. (*Giet ôf. Lady Elrood giet nei tafel rjochts en pakt brief op*)

PATRICIA: Mem, tinke jo no wier dat wy in tsjinstfaam langer dan in pear dagen hâlde kinne, as jo sa tsjin har dogge?

LADY ELROOD: En ik tocht noch wol dat ik hiel sjarmant tsjin har wie. (*Giet op rjochter kant fan de bank sitten en makket brief iepen*)

PATRICIA: As wy ús allegearre no ris wat better hâlde en drage soene, dan soene wy miskien wol ris in tsjinstfaam hâlde kinne. It wurdt eltse dei dreger om hjir ien hinne te krijen.

LADY ELROOD: Ja, nimmen skynt tsjintwurdich mear op in kastiel wurkje te wollen.

PATRICIA: (*Rint foar bank del nei mids efter*) Ik kin 't se net kwea ôf nimme. Ik wit ek net werom wy hjir noch wenjen bliuwe. We soene dit hjir ferkeapje moatte en dan nei de stêd, yn in moaie, praktyske flat...

LADY ELROOD: Leave, hoe kinst soks no sizze!

PATRICIA: It soe folle better wêze dan hjir te bliuwen.

LADY ELROOD: Leave santjin!

PATRICIA: Wat no...

LADY ELROOD: Hy komt!

PATRICIA: Wie?

LADY ELROOD: Iene "Roger Newton-Strangeways"

PATRICIA: Wa is dat no wer?

LADY ELROOD: Ik soe it net witte!

PATRICIA: Wat stiet er dan? (*Rint rjochts fan bank*)

LADY ELROOD: Dy brief is fan dyn muoike Matilda. Se skriuwt: "Wat aardich fan dy, dat Roger in pear dagen by jimme útfanhûzje mei." Hawwe wy sein dat Roger hjir in pear dagen útfanhûzje mei?

PATRICIA: (*Rint foar de bank del*) Dat tink ik net. Wy ha sels noch nea fan him heard.

LADY ELROOD: Oh, ja, wacht ris... Ja, Ja! Ik haw doch wol ris fan him heard... Der komt my wat yn 't sin. Ik leau dat se yn in eardere brief skreaun hat, dat it sa aardich wêze soe, as wy him ris moetsje soenen. Mar ik ha net werom skreaun.

PATRICIA: Wit je dat sekuer?

LADY ELROOD: Fansels! Ik skreau nea werom...

PATRICIA: Mar ien hat dochs werom skreaun.

LADY ELROOD: Hoesa?

PATRICIA: (*Giet lofts op 'e bank sitten*) Omdat er komt, mem!

LADY ELROOD: Dan moatte wy him ôfsizze!

PATRICIA: Dat kinne wy net dwaan.

LADY ELROOD: Oh, guttegut, wat dogge wy no? (*Jenny Stewart komt fan 'e trep. Se is in yntelligint, aardich Skotsk famke, fan in jier as santjin. Se hat in Shakespeare-bundeltsje yn har hân en draacht bombastysk foar. Se hat in spikerbroek en in modern t-shirt oan. Har hier hat se yn twa frisseltsjes*)

JENNY: (*Mids efter*) "Romeo... Romeo... waarom zijt gij Romeo?"

LADY ELROOD: Oh, Jenny, yn 'e goedichheid, kinst no net wat oars foardrage?

JENNY: Werom soe ik?

LADY ELROOD: Omdat er noch nea immen fan in Skotske Julia heard hat.

JENNY: It giet om it gefoel, Lady Elrood.

LADY ELROOD: It gefoel seiste, lit my net laitsje!

JENNY: Jo witte blykber net wat leafde is... Jo hawwe it noch nea ûnderfûn. (*Giet nei it midden*)

LADY ELROOD: Oh, just jawol.

PATRICIA: Ik begryp wier net watsto yn him sjochst, hear

JENNY: Dat kinst ek net begripe. (*Hertstochtlik*) Ik fyn him... in jonge god!

LADY ELROOD: Wa is in jonge god, leave?

JENNY: Hilary, fansels! (*Efter stoel lâns, nei rût rjochts*)

LADY ELROOD: Oh, ja, ja. (*Tsjin Patricia*) Wa fan 'e jongelju is Hilary?

PATRICIA: De plysjeman.

LADY ELROOD: Oh, dy meagere!

PATRICIA: Krekt, dy.

LADY ELROOD: Hy komt altyd op it stuit as wy krekt tee drinke sille.

PATRICIA: Hy stiet midden yn 'e haadstrjitte it ferkear te regeljen (*sjocht nei Jenny*) en sjocht der blykber út as Apollo

JENNY: Ha do de gek der mar mei... mar der komt in dei dat ik grutsk wêze sil op Hilary. (*Rint foar stoel del*)

LADY ELROOD: Ik ha op dit stuit al tefolle oan 'e holle, Jenny, om my ek noch ris drok te meitsjen om in romantyske plysjeman.

JENNY: Hy is net romantysk.

PATRICIA: Oh, nee?

JENNY: Nee. (*Swiere sucht*) Dat is 't him no krekt...

LADY ELROOD: Want wy krije in útfanhûzer.

JENNY: Oh... Wa dat? (*Nei midden*)

LADY ELROOD: Roger Newton-Strangeways.

JENNY: Dy kin ik net. (*Draait har om en lêst súntjes fierder*)

LADY ELROOD: Ik ek net, mar hy komt dochs!

PATRICIA: Stiet er ek yn wannear hy komt, mem?

LADY ELROOD: (*Sjocht yn brief*) Oh, de fjouwerentweintichste.

PATRICIA: De hoefolste is it hjoed?

LADY ELROOD: Dat wit ik net.

PATRICIA: (*Stiet op*) Toe, avensearje... dat moatte we gau opsykje! Wêr is it moarnsblêd? (*Sjocht op stoel en op kiste. Lady Elrood en Patricia rinne sykjend rûn om 'e krante. Jenny hat har tinken by shakespeare en lêst súntjes fierder mei wiidweidige meneuvels*)

LADY ELROOD: (*Sjocht ûnder kessens fan bank*) Ik kin him net fine.

JENNY: " Gij zijt Uzelven, niet een Montague... "

PATRICIA: Hy moat hjir earne lizze.

LADY ELROOD: Nou, hy is der net. (*Botst tsjin Jenny oan*) Yn 'e goedichheid, Jenny, stean dêr net sa, help leaver sykjen.

JENNY: Sil ik it plysjeburo skilje en it efkes freegje?

LADY ELROOD: Dat wolst wol litte!

PATRICIA: (*Midsfoar*) Hawwe wy net in kalinder?

LADY ELROOD: (*Syket op tafel lofts*) Nee, ik ha der dit jier gjin ien kocht. Meastentiids krije wy in hiele protte rûn de krystdagen.

PATRICIA: Nou, dit jier dus net.

LADY ELROOD: Ik wit it. Jo kinne hjoed de dei ek nearne mear fan op oan.

JENNY: "Romeo... Romeo, waarom zijt..."

LADY ELROOD: (*Rint efter bank del nei midden*) Begjin dêr no net wer mei. (*Giet nei telefoan*) Sille wy ynljochtings skilje?

PATRICIA: Ik tink net dat se sokke ynljochtings jouwe.

LADY ELROOD: Ik kin neat oars betinke. (*Pakt hoarn*) Hallo... ynljochtings graach. (*Tsjin Patricia*) Hy is grif al ûnderweis. (*Yn 'e telefoan*) Wat sizze jo...? Oh, nee, ik wol hielendal net in nûmer ha... Nee, nee ik freegje my ôf as jo my wol helpe kinne...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto